

JIERFERSLACH FRYSKE RIE FOAR HERALDYK OER IT JIER 2019

- **Leden:** mr. J.T. Anema, foarsitter ; J.C. Terluin, twadde foarsitter ; K.J. Bekkema, skriuwer-argivaris ; R.J. Broersma, wapentekener ; drs. H. Bremer, lid ; P.H. van den Muijzenberg , lid ; S. Hoekstra , lid ; dr. C.J. Kuiken, adviseur.
- **Gearkomsten:** 9 maart 2019 , 15 juny 2019 , 14 septimber 2019 en 23 novimber 2019 by de wapentekener thús oan de Reinder Brolsmawei 51 te Ljouwert.
- **Korrespondinsje:** de briefwiksel giet tsjintwurdich oer de e-mail. De folgjende ûnderwerpen komme foarby: famyljewapens, persoanlike wapens, famyljeflaggen, registraasje fan wapens, bankwangen tsjerke Wytmarsum, râneskript wapen Fryslân, histoarysk plaatsjealbum N.E. Fryslân, wizerplaat tsjerke Britsum, wapen gemeente Waadhoeke, rekrifikaasje wapen IJsselstein, kontakt Jouke Dantuma oer wapen Damwâld, advys flagge It Bilt, genealogyske gegevens fam. Veenstra en Van der Leij.
- **Famyljewapens:** de folgjende wapens binne ûntwurpen: Piersma, Randolph Algera (persoanlik wapen), Brander , Stelpstra , alliânsjewapen De Jong-Koenders (troch Piet Bultsma ûntwurpen), Jongeling , Jack Bijlsma (persoanlik wapen) , Grovestein (dit wapen wurdt yn it jierboek fan 2020 registrearre). Nêst dizze wapens binne yn it Gen. Jierboek 2019 registrearre: wapen Beijert , wapen en flagge famylje Nijdam, twa wapens Tolsma.
- **Doarpswapens:** yn it G.J. 2019 is registrearre wapen en flagge fan Menaam. Fierders hawwe wy ûntwerpen makke foar de doarpen yn it eardere Ferwerderadiel, dy't noch gjin wapens hawwe. Dizze wapens bliuwe oant 2020 op'e planke lizzen oant wy kontakt opnimme kinne mei de nije gemeente Noardeast-Fryslân.
- **Gemeentewapens:** Foar de twa nije gemeenten Waadhoeke en Noardeast-Fryslân binne bûten de Rie om nije wapens ûntwurpen. Yn N.E. Fryslân troch in kommisje út dy gemeente yn'e mande mei Piet Bultsma en yn de gemeente Waadhoeke hawwe hja it ûntwerp fan de Rie fersmiten en binne hja yn in lytse kommisje ta in foarstel kommen dat troch de Hege Rie fan Adel goedkard is.
- **Oerheidsheraldyk yn Fryslân:** Terluin hat de 70 wetterskipswapens tekene foar dit boek. Fierder binne de foarsitter en Hoekstra dwaande mei it sykjen fan sponsors foar it boek.
- **It Jierboek:** Yn it Gen. Jierboek 2019 binne nêst de registraasje fan de boppe neamde wapens artikelen skreaun troch R.J. Broersma oer wapens op sulver en it wapen Wijbenga troch C.J. Kuiken.
- **Kontakten:** Anema hat kontakt hân mei de boargemaster fan Ljouwert oer it wapen fan de gemeente Ljouwert. Broersma hat syn kontakten mei it Frysk Museum oer wapens op sulver. Terluin hat in les heraldyk jûn oan it persoanlik fan de R.K. Basisskoalle "De Sprong" te Ljouwert omt hja dwaande binne mei in projekt oer de Midsieuwen. Fierder hat hy rie jûn oer it wapen Van Nijsten en Van Coehoorn yn de tsjerke fan Hegebeintum oan de restaurator fan de roubuorden Randolph Algera. Der hat ek in útstjoering west foar T.V. Fryslân wêr Terluin eat oer de F.R.f.H. sein hat. Dit jier hat hy ek in opdracht út Westernijtsjerk krige om it rouboerd fan Titia fan Burmania op'e nij te skilderjen. Ein juni is it boerd ûntbleate yn de tsjerke. Bekkema ûnderhâldt de kontakten fia de e-mail en stjoert dy oan de leden fan de Rie ta.

Mr. J.T. Anema, foarsitter

K.J. Bekkema, skriuwer